

Redaksjoneel

SKRIUWE FOAR TOANIEL

Dit nûmer set útein mei in artikel fan Oene Spoelstra oer it plak en de mooglikheden fan de skriuwer yn it toaniel. De ferbining tusken de toanielwrâld en de skriuwers hat gjin struktureel karakter. Hoe soe dat oars kinne?

Spoelstra hat syn syn stik skreaun nei oanlieding fan de gearkomsten dy't it Skriuwersboun belein hat om de Fryske skriuwerij en it toanielskriuwen tichter by-inoar te bringen.

Yn syn artikel sketst er it sa ôfgrysluk feroare en feroarjende toaniellânskip fan hjoed-de-dei en dêrnei giet er yn op mooglikheden dy't der foar skriuwers lizze om dochs binnen de wrâld fan it toaniel in nijsgjirrich plak te beskreppe.

OUTLAW

In oar item yn dit nûmer is de Amerikaanske outlaw-poëzy dy't syn woartels hat yn de poëzy fan Walt Witman en yn 1956 útrûn op de publikaasje fan it ikoanyske gedicht 'Howl' fan Allen Ginsberg. Lubbert Jan de Vries jout yn syn artikel omtinken oan de jierren foarôfgeand oan 'Howl', de San Franciscos Poetry Renaissance. Dêrnêst hat De Vries outlaw-poëzy oerset, begjinnend mei in gedicht fan William Carlos Williams, dy't yn de 30-er/40-er jierren de meast útsprutsen eksperimentele en modernistyske dichter fan de Feriene Steaten wie en in foarbyld foar de dichters dy't har nei 1947 yn San Francisco manifestearren. Dêrnei folgje oersettingen fan gedichten fan Madeline Gleason (1903-1979), Jack Spicer (1925-1965), Robert Duncan (1919-1988), Charles Olson (1910-1970) en Lawrence Ferlinghetti (1919), mei as klapstik de oersetting fan 'Howl'.

POËZY EN NOCHRIS POËZY

Ek fierders slacht de poëzy (yn in ryk ferskaat) yn dit nûmer foar master op, mei dêrby foar it earst yn *ensafh* gedichten fan Ruerd Smaling.

En Geart Tigchelaar besprekt de bondel *De aap foar de bokkewein* fan Eppie Dam.

YNHÂLD

Redaksjoneel

Oene Spoelstra

Wat bliuwt?

Ruurd Smaling

talint

tegearre

bleate peaten

John Bosma

Everest Cardio Graffiti

Sytse Jansma

brieven út nepal

Margreet de Jong

no libje ik mei myn âlde kat

Jacobus Q. Smink

alle bern

my son has no dad

oanreitsje

net in relaasje sa sein

Joël Huitema

As ik winter wurd

skilderij

gebrük fânne wetter cocker

better sein

Lubbert J. deVries

San Francisco Poetry Renaissance 1947-1960

William Carlos William

De dichter en syn gedichten

Madeline Gleason

Alle utersten moatte inoar treffe

Jack Spicer

Eltse ûnferstân kin yn in oseaan springe

Robert Duncan

Poëzy, in natuerlik ding

Charles Olson

De eale en isolearre saters

Lawrence Ferlinghetti

Hy

Allen Ginsberg

Howl

Geart Tigchelaar

It jier 2016 troch mei Eppie Dam

Pieteke de Boer

Tusken sok en siden himd

Jetze de Vries

haadstêd

ark

Henk Nijp

Feest

Geart Tigchelaar

fan my